



## Jeftereglemint.

It is foar it fuortbestean fan de FNP fan grut belang dat it yn finansjeel opsicht benammen op de finansjele stipe fan syn leden en stipers driuwe kin. Dêrneist wurde ek oare finansjele boarnen wurdarre, lykas fan de oerheid, en ek fan oaren binne jeften wolkom. De oerheid hat foar politike partijen regels opsteld oangeande de finansiering. Ien fan de ferplichtings is it hawwen fan in jeftereglemint. Der binne yn dit reglemint betingsten formulearre en de AL fan maaie 2015 hat de neifolgjende rjochtlinen fêststeld:

### 1. It begryp 'jefte'

1.1. As jeften wurde beskôge alle troch de partij om neat krigen bydragen of jildweardige prestaasjes, it makket neat út oft dy krigen wurde fan natuerlike persoanen of fan rjochtspeoanen.

Ek de regelmjittige kontribúsjebetellings fan leden falle dêrûnder.

### 2. De talitberens fan jeften

2.1. Op FNP-folksfertsjintwurdigers wurdt jierliks in berop dien foar in solidariteitsbydrage oan de partij. Dy regeling leit fêst yn it Karbrief fan de FNP.

2.2. De partij nimt allinnich jeften oan fan natuerlike persoanen en fan rjochtspeoanen dêr't harren karbrief fan steld dat jeften oan politike partijen net útsletten wurde.

2.3. Jeften, dêr't de kreative ôfkomst net fan fêst te stellen is, wurde net oannommen.

2.4. Jeften, dy't blykber taskikt wurde yn de ferwachting fan in ekonomyske of politike beëunstiging, wurde net oannommen.

### 3. Maksimale omfang

3.1. Foar de FNP jildt in maksimum fan € 4500 (sjoch 4.1) de jefte yn ien jier.

Allinnich mei in skriftlike ynstimming fan it Haadbestjoer kinne gruttere jeften tastien wurde.

3.2. It is yndividuele leden net tastien jeften oan te nimmen foar politike aktiviteiten.

Jeften foar foarkaraksjes foar ien beskate kandidaat wurde allinnich oannommen oft it bestjoer fan de oanbelangjende ôfdieling of it Haadbestjoer der syn goed fan sein hat.

### 4. Ferantwurding fan jeften

4.1. Yn sawol de ôfdielingsjierrekens as ek de provinsjale jierrekens wurdt ferantwurding ôflein oer it totaal fan alle ûntfongen jeften.

Yn dy ferantwurding wurde de foarskriften fan de oerheid folge. Dat betsjut dat alle jeften fan €4500 ôf bekend makke wurde, kwa omfang, wa't de jouwer is en wêr't it foar ornearre is.

4.2. De yn 4.1. neamde ferantwurding jildt foar alle lagen yn de partij.